

## Notulen fan de ledengearkomste fan woansdei 6 febrewaris 2019.

Oanwêzich: 13 leden en 5 bestjoersleden.

Ofberjocht: Klaartje Lubach; Klaske Haga en Dieuwke de Jong

### 1. Iepening:

We besteane 90 jier. Dat sadwaande krije we in bakje tee of kofje mei in gebakje.

Jannie iepent de jûn en hjit ús allegear wolkom. Yn har iepeningswurd betinkt Jannie de ferstoarnen fan it ôfrûne jier. Dan neamt se spesjaal Sibbel Haarsma, dy 't krektlyn ferûngelokke is.

Fierder sprekt se har wurdearring út oer it feit dat hjir in tafel fol minsken sit; dat we 6 dragers ha, te witten: Jacob op de Hoek, Hartman Feenstra, Gert van de Beek, Jouke op de Hoek, Reitze Schotanus en Jelte van der Meer en in nij bestjoerslid: Niels Poortema.

### 2. It fêststellen fan de wurklist:

We nimme de list oan, sa as er der leit.

### 3. It ferslach fan de ledengearkomste fan 25 jannewaris 2018:

It ferslach wurdt neidat it foarlêzen is, sûnder mear goedkard en oannommen.

### 4. Meidielings:

Der binne gjin meidielings.

### 5. It jierferslach fan de ponghâlder:

- a. We krije in A4 mei in koart en dúdlik oersicht. Fan 't jier is der sa 'n € 3000 betelle oan de klean fan de dragers. De twadde rekken is yn 2019 kaam. Dy sjogge we ankommend jier. De beurswearde fan ús besit stiet leech, dat sadwaande hat Auke foar it earst in negatyf einresultaat. Auke fertelt: "It liket as ha we in hiel soad jild. Mar dat moatte we ek ha. Ien kear yn de trije jier meitsje ik in "actuarieel overzicht". Dan kinne we sjen oft der genôch jild is om alle leden harren ledenkoarting te jaan as se komme te ferstjerren."
- b. Ferslach fan de kaskommisje:  
De betellingen geane allegear mei telebankieren. Auke hat alle handelingen nûmere. Sa koene Henk Brouwer en Hielke Schotanus alle transacties troch rinne. Harren konklúzje is dan ek in perfekte boekhâlding. Der is, mei tank oan Hielke, nochal in ferhaal fan 9 sinten. Hoe wie dit ek al wer, Hielke? De foarsitter betanket de hearen foar harren wurk.
- c. It beneamen fan in nij kaskommisjelid:  
Hielke Schotanus is ôftredend. Hartman Feenstra is ree om in sit yn de kaskommisje te nimmen. Henk Brouwer bliuwt sitten.  
Der is applaus foar penningmeester Auke Bergsma. Mei tank oan Auke, wurdt it bestjoer desjarzje ferliend.

6. Jierferslach 2018:

Atsje hat in oersicht makke fan wat fan 't jier spile hat.

We ha op 31 desimber 2018: 413 leden.

We ha 5 nije leden krigen: 6 leden binne ferstoarn.

Cor hat de begraffenis fersoarge fan 5 leden en fan 1 net-lid.

Dêr neist noch de kremaasje fan 1 lid.

Bestjoer:

Alderearst ha we yn jannewaris op de ledenjûn ús nije "Huishoudelijk Reglement" oannommen. Foar wa 't it lêze wol: It stiet op de site.

It bestjoer hat fan 't jier 3 kear byinoar west. Tusken troch ha we noch in kear as wat by Pedro west om skuon te besjen en om in mantel út te kiezen. En der is wol gauris wat regele oer de mail.

De bestjoersleden bringe elk jier de útnûgings safolle mooglik rûn. Fan 't jier ha se fan de 250 konvokaten 200 rûn brocht. Sa besparje we moai!

Fred Haarsma is yn jannewaris ôftreden. Hy hat 7 jier foarsitter west.

Foar him yn it plak is Jittie Bakker beneamd. Hja hat yn novimber om sûnens redenen har plak wer ynlevere. Wy as bestjoer ha Jannie frege om foarsitter te wurden. Dat woe se wol. Dus: Jannie Laanstra is tenei ús foarsitter.

De dragers en harren klean:

We ha in "verjongings"- slach makke. Hielke Jan de Jong, Hielke Schotanus en Gosse Haga binne ophâlden as drager. Willem van der Goot wie reserve-drager. Hy woe dochs net drager wurde.

Dêr foar yn it plak binne kaam: Reitze Schotanus, Jouke Op de Hoek en Jelte van der Meer. Mei Hartman Feenstra, Jacob Op de Hoek en Gert van de Beek ha we no de beskikking oer 6 dragers yn in hjoeddeisk tenue. Reitze Schotanus hat it hiele tenue oan en showt it. It sjocht der prachtich út. Hy krijt applaus. Sa is der ek applaus foar Pedro, dy 't soarge hat dat de nije klean der kommen binne. En dat wie mear as fertsjinne, want it hat in grutte put west.

Kontakten nei bûten:

- De Federatie van Friese Uitvaartverenigingen van Friesland, in oerkoepeljend orgaan dat adfys jout, hat 2 kear yn it jier in ledengearkomste en ien kear in regiobijienkomste. We stribje der nei dat der 2 minsken hinne kinne. Dat slagget meastentiids wol.

- Dan is der noch de Cluster Gaasterlân-Sleat. Cor is skriuwer fan dizze Cluster en hâldt ús sadanich op de hichte fan wat der spilet.

- De begraffenisferieningen om ús hinne.

Nijemardum bestie 100 jier. We krigen in útnûging foar harren feestjûn. We ha dy jûns in flesse Beerenburg nei it bestjoer brocht.

7. Bestjoersferkiezing:

Niels Poortema is ree om in sit yn ús bestjoer te nimmen. Dat is moai. Hy wurdt mei algemiene stimmen keazen. Fijn! Wolkom yn ús bestjoer Niels.

8. SKOFT: we krije in slokje en in hapke.

9. It 90-jierrich bestean:

Der is in oersicht fan de earste 75 jier fan ús feriening. Atsje makket dit kompleet oan hjoed-de-dei ta en set it oer yn it Frysk. Jannie en Atsje fertelle om bar in stik. As it oan 1955 ta is, de nije klean fan doe, komt Hartman der yn en lit ús sjen hoe 't de dragers der doe op stiene. We sette Reitze der neist en it plaatsje is kompleet.

10. It omfreegjen:

Der binne wat fragen oer "De Algemene Begraafplaats"; oer it fersakjen fan grêfstiennen, oer moassige paden en der is in mol. It liket wat frjemd, mar wy ha neat te krijen mei it begraafplak. It is fan de gemeente. Pedro hat in telefoannûmer fan de ûnderhâldsman en is ree om mei him te oerlizzen. Henk Brouwer sprekt syn wurdearring út foar wat we dogge. Benammen it sosjaal, maatskiplike aspekt fan ús feriening krijt in plomke.

11. It Sluten:

Om in oere as 10 slút Jannie de gearkomste. Hja betanket in elk foar syn kommen.

We krije noch in borreltsje en in bitterbal en dan kinne we op hûs oan.

Atsje Boersma, skriuwer.

Wikel: 8 febrewaris 2019,

.....foarsitter,

....., skriuwer